

# In puber wol in perfekte hûd



Auck Peanstra FOTO LC/NIELS WESTRA

In puber is bang foar alles wat him ûnderskiedt fan in oar. Auck Peanstra skreau in autobiografyske roman oer in puber mei psoriasis.

SIETSE DE VRIES

**N**ei in rige berneboeken is 'Skamte' Auck Peanstra har tredde boek foar folwoeksenen. Se rûn al langer om mei it idee, yn 2000 hie se op in medyske webside alris in oprop dien foar ferhalen fan psoriasispatienten. It oantal reaksjes hâlde net oer, dat it is der earst net fan kaam.

„Mar it idee om der in roman oer te meitsjen hat my noait loslitten. It is ferrekte ferfelend as je dy sykte ha, mar der binne slimmere dingen. 'Skamte' is ek bedoeld om minsken in hert ûnder de riem te stekken.”

De earste ferzje fan it boek wie ornearre foar folwoeksenen. It wie in beskriuwing fan har eigen sykteproses, foaral fan hoe't dy har puberteit beynfloede hat. „Mar dat fiede net goed, der siet gjin inkelde spanning yn. Doe ha'k der in puberboek fan makke, mar dat

woe de Afûk net útjaan. Fryske boeken foar bern fan dy leeftyd is gjin merk foar, se hiene leaver dat ik fierder gie op it paad dat ik mei 'Sitebuorren' ynslein wie.”

Yn 'Sitebuorren' – goed foar de Rink van der Velde-priis fan 2008 - hat Auck Peanstra har oantinkens oan har bernejierren op in eilân by Grou fêstlein.

## Bernetiid

Yn earste ynstânsje hie se gjin nocht en skriuw it ferhaal foar in tredde kear, mar op 'e weromwei fan Ljouwert nei Bitgummole foel it kwartsje: se hoegde de beide ferzjes mar yn elkoar te skowen en se hie it boek dêr't de Afûk om frege. 'Skamte' giet sadwaande oer in puber dy't fanwegen har psoriasis besiket harsels fan kant te meitsjen – dat is net autobiografysk - en in mem dy't nei oanlieding dêrfan har eigen bernetiid op 'e nij belibbet.

„'Skamte' giet oer psoriasis, mar

de sykte is in metafoar foar alles dat ôfwykt, alles dat minsken en foaral pubers ûnwis makket oer harsels. In puber wol in perfekte hûd. Skeinspruten, pûkels, reade flekken, alles makket pubers bang dat se ôfwiisd wurde.”

Psoriasis is in erflike hûdsykte dy't him uteret yn reade flekken en wite skulfers op 'e hûd, yn it slimste gefal wurde ek de gewrichten oantaast. Mei salve, hichtesinne en oare middels kinne de symptoanen ferlichte wurde, mar in genêsmiddel is der noch altyd net.

Auck Peanstra: „Sa'n 2 persint fan de minsken hat it, mar as ik om my hinne sjoch, sjoch ik eins noait ien dy't it hat.”

Dat is neffens har goed te ferklearen. Sels soarget se der mei lange mouwen en broeken foar dat

## Auck Peanstra skriuwt roman oer psoriasis

it net sichtber is; se giet derfan út dat oaren dat krekt sa dogge.

Op de skoalle dêr't se jierrenlang beukerliedster wie, hat se har sykte ek altyd safolle mooglik ferburgen hâlden. „As âlden it sjogge en se witte net wat it is, dan meitsje se har daliks ûngerêst, binne se bang dat it besmetlik is. De bern seagen it wolris as ik in mouwe wat opstrûpte, dan sei ik dat it seare plakjes wiene. Dan makken se yn de sânbak salve foar de seare plakjes. Bern konstatearje, dy feroardielle net.”

## Beukerliedster

Auck Peanstra hat 25 jier foar de klasse stien, as faklearkrêft Frysk, mar foaral en it langst as beukerliedster. Fan't simmer is se dermei ophâlden: se koe har net langer fine yn hoe't se les jaan moast. „It is oars net as sifers en letters, alles is rjochte op it lêzen en it skriuwen. Foarhinne spile ik op 'e bern en op 'e tiid fan it jier yn, tsjintwurdich moatte alle tema's út de metoade stik foar stik ferwurke wurde yn opdrachten, wurkblêden en oefeningen. De administraasje fan de groepspannen en de hannelingsplannen kostet boppedat in hiel soad tiid, tiid dy't better yn de bern stekke kinst.”

Auck Peanstra wol har no mear talizze op it fertellen op skoallen, it optreden yn fersoargingstehuizen en it skriuwen. En dat lêste dan net allinne fan boeken, want dêr is net folle mei te fertsjinjen. Se folget op't heden in kursus foar funerêr sprekker by it Humanistisch Verbond. „Ik haw heard dat der ferlet is fan minsken dy't yn it Frysk sprekke kinne by útfearten. De minsken binne har hieltyd mear bewust fan de taal. Earder fûnen se it wol goed dat alles yn it Nederlânsk gie, dat wie wol netsjes. No sizze se: mem hat altyd Frysk praat, de útfeart moat net yn it Nederlânsk. It Nederlânsk is ôfstankliker; it Frysk komt tichterby, is waarmer ast ôfskied fan ien nimst.”